

# Ried Fryske Beweging nimt Bûsboekje oer

Foar Piet en Anneke Herrema fan Sumar sit it wurk der op. De lêste eksimplaren wiene foar de pleatslike molkboer, de boekwinkels hiene se earder dizze wike al foarsjoen fan in foarried Bûsboekjes 2011. It is foar it lêst dat it Bûsboekje ferskynt ûnder ferantwurdlikens fan it Kristlik Frysk Selskip (KFS), takom jier is de Ried fan de Fryske Beweging de útjouwer.

**SUMAR** – Anneke Herrema siet fan 1987 oant 2003 yn 'e redaksje fan it Bûsboekje, har man Piet rêde fan 1987 ôf mei de distribúsje. In direkteur fan in basis-skoalle – hy stie 25 jier yn Burgum oan skoalle – ferwachtet men earder yn 'e redaksje fan it Bûsboekje as op 'e dyk as rûn-bringer fan doazen, mar foar Herrema leit dat oars.

„Ik bin in Grinzer. Fan jongsôf brocht ik suertsjes, koekjes en wask mei in bakfyt troch Grins. Dat fûn ik prachtich wurk. Dat fûn ik noch. As ik net skoalmaster wurden wie, hie ik frachtweinsjauffeur west. Ik mei graach autoride, jo komme oeral en jo prate mei in protte minsken.”

Letter gie Anneke Herrema der meastal mei har man op út om de boekjes te plak te bringen. De noard-easthoeke de earste deis, de rest fan Fryslân – fan Ferwert oant De Lemmer – in dei letter. Plakken as Wommels en Heech dy't bûten de rûte leine, waarden betsjinne troch famylje dy't dêr wenne.

De Herrema's ûnderhâlde ek de kontakten mei ôfnimmers bûten Fryslân. Sa krigen se yn de begjinjierren gauris brieven dêr't in biljet fan 50 dollars by ynsletten siet mei de fraach oft se tsien boekjes opstjoere wolle nei in adres yn de Feriene Steaten of Kanada. Hjoeddedei geane sokke bestellingen oer ynternet. Alle jierren krije se noch in telefoantsje út Amearika mei de fraach oft se de boekjes al fuortbrocht ha. „Moai, dan helje wy it nije wike by Overdiep as wy op It Hearrenfean binne”, is dan steefest it antwurd.

Yn de begjinjierren sutelen Piet en Anneke Herrema oer de achttûzen eksimplaren út, mei troch de opkomst fan de elektroanyske aginda is dat yn 'e rin fan 'e jierren weromrûn nei 4300. Ferline hiene se te min en moasten se in oantal kearen nee ferkeapje, mar no't der fan 't jier gjin sutelaksje holden wurdt, geane se der fanút dat se oan dy 4300 mear as genôch ha. Foar-



Anneke en Piet Herrema besoargje de lêste doaskes mei bûsboekjes by molkboer Pieter de Jong (rjochts) yn Sumar.

Foto LC/Jan de Vries

geande jierren brochten se steefest 1500 eksimplaren nei It Fryske Boek foar de sutelaksje.

No't it KFS opgiet yn It Krûspunt moast de redaksje omsjen nei in útjouwer of alteast nei in ferantwurdlike rjochtspersoan. Klaas Johan Osinga rêde de ôfrûne jierren mei de jildsaken en giet dêr ynearsten ek mei troch. „It Bûsboekje is frijwilligerswurk, mar it opmeitsjen, it printsjen en it omkaft kostje sa'n €20.000. Wy spylje altyd kyt, mar as it op in strop údraait kinst de frijwilligers dêr net foar opdraaie litten. De Ried fan de Fryske Beweging foarmet in stevige finansjele basis.”

„Yn in bûsboekje sette je de yntymste dingen, dêrom is it belangryk dat it iennichste Frysktalige bûsboekje bliuwt. Mar wy tinke ek oan 'e takomst. In soad minsken hâlde de aginda by op de blackberry, dat wy moatte neitinke oer de mooglikheden fan in elektroanyske fariant. It bûsboekje wurdt ek faak brûkt as kado, dêrby kinst miskien tinke oan in kombinaasje mei de Skriuwerskalinder.”

„De redaksje makket moaie boekjes – mei dit jier as tema 'duorsum troch de tiid' – mar de pr bliuwt beheind ta in telefoantsje mei de boekwinkels dat it deroan komt. Dêr is mear út te heljen.”